



Oan de foarsitter fan de Twadde Keamer fan de Steaten-
Generaal
Postbus 20018
2500 EA Den Haag

www.rijksoverheid.nl
www.facebook.com/minbzk
www.twitter.com/minbzk
[www.linkedin.com/company/
ministerie-van-bzk](https://www.linkedin.com/company/ministerie-van-bzk)

Kenmerk
2023-0000342199

Uw kenmerk

Datum 6 juli 2023
Oan Voortgang proces BFTK 2024-2028

Mei dizze brief ynformearje ik jo oer de fuortgong fan it proses om te kommen ta in nije Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK). Dêrmei jou ik ek útfiering oan de moasje fan de leden Kuiken en Romke de Jong dêr't it regear yn fersocht wurdt om it ambysjenivo te ferheegjen en by bestjoersôfspraken Fryske taal en kultuer de Keamer te ynformearjen oer de ynset yn de ûnderhannelingen mei de provinsje Fryslân (36200 VII nû. 135).

Ienheid yn ferskaat, dat is Nederlân eigen. Alle regio's telle. Dat jildt ek foar de taal dêr't we mei-inoar yn prate en inoar yn ferstean. Dit kabinet sjocht de Fryske taal en kultuer as wat om grutsk op te wêzen en wol dan ek wurkje oan in bliuwende fitaliteit fan de Fryske taal en kultuer. It Frysk is in offisjele taal yn de provinsje Fryslân neist it Nederlânsk en hat sadwaande in bysûndere posysje. Wy drage dêrom by oan it kreëarjen fan de rânebetingsten dy't nedich binne om it brûken fan de Fryske taal yn alle domeinen fan de Fryske mienskip natuerlik en fanselsprekkend wêze te litten.

De ôfrûne moannen binne op amtlik nivo ferskate petearen fierd tusken de provinsje Fryslân en de by de bestjoersôfspraak belutsen departeminten SZW, OCW en J&V yn bywêzen fan BZK as koördinearjend departemint. By dy petearen wurde ek de ôfspraken út it yn 2022 troch my ûndertekene Sichtberensakkoart behelle, lykas ek de moasjes oer de Fryske taal dy't troch jo Keamer yn desimber 2022 oannommen binne.

Ynset is om de hjoeddeistige ôfspraken te kontinuearjen en om dêrneist mei-inoar nije mooglikheden te finen om de ynset te fersterkjen en it ambysjenivo te ferheegjen. Ik fertrou derop dat we mei alle oanbelangjende partijen ta goede ôfspraken komme kinne dy't bydrage oan in bliuwende fitaliteit fan de Fryske taal. Ein dit jier ferwachtsje ik jo neffens planning de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2024-2028 presintearje te kinnen.

Yn tarieding op de BFTK haw ik mei út namme fan de minister fan ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip, en de steatssekretaris foar Kultuer en Media in tal advysfragen steld oan DINGtiid, Orgaan foar de Fryske taal. In ôfskrift fan dat advysfersyk ûntfange jo as bylage by dizze brief. Mei dat advysfersyk wurdt ek

ynfolging jûn oan in tal troch jo Keamer yn desimber 2022 oannommen moasjes¹.
As bylage by dizze brief treffe jo ek it jierferslach oer 2022 en de begrutting foar
2024 fan DINGtiid oan.

De Minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes,

Hanke Bruins Slot

¹ moasje 36200 VII nû. 130; moasje 36200 VII nû. 134; moasje 36200 VII nû. 132.